

It Gelikensensbegjinsel jildt ek foar Etnyske Friezen.

Op freed 9 novimber sil de rjochtbank him útsprekke yn de saak fan de 'blokkearfriezen'. Yn dy saak wurde etnyske Friezen troch it Iepenbier Ministearje betichte fan it blokkearjen fan in sneldyk en fan stokeljen. It liket derop dat it OM yn dizze saak net genôch omtinken jûn hat oan it feit dat Nederlân him troch de ratifikaasje fan it ferdrach fan Straatsburg oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden ferplichte hat om alle omstannichheden te befoarderjen dy't de wêzentlike eleminten fan de Fryske identiteit, lykas godstsjinst, taal, tradysjes en kultureel erfgoed, bewarje.

Just nei oanlieding fan it etnyske fiasko yn Joegoslavië is it ferdrach fan Straatsburg út 1995 foar it beskermjen fan de nasjonale minderheden ta stân kommen. Dat ferdrach beskermet dus net allinnich de rjochten fan etnyske Albanezen yn Servië en Masedoanië, etnyske Hongaren yn Transsylvanië en Slowakije of Katalanen yn Spanje en Frankryk, mar ek dy fan etnyske Friezen yn Nederlân.

Juridysk sjoen wurdt de Fryske minderheid beskerme tsjin kultureel kolonialisme, twongen assimilaasje, etnyske diskriminaasje en taalrasisme. Nederlân hat boppedat ek it Europeesk Hânfêst fan regionale talen ratifisearre, dat ferdrach stiet ek garant foar it frije gebrûk fan de regionale Fryske taal en moediget dat gebrûk oan.

It Sinteklaasfeest makket krekt as it praten fan de Fryske taal ûnskiedber diel út fan de Fryske identiteit. Sa die de haadfertochte har oprop yn it Frysk. Yn dy oprop wiisde se op it skeinen fan de rjochten fan bern wannear't sy net ûnbehindere dy folkstradysje fiere kinne soenen.

Yn dizze saak wurdt alderearst it gelikensensbegjinsel geweld oandien. Net allinnich steane de easke straffen op nasjonaal nivo op foet fan ûngelikensens mei fergelykbere feiten, der is boppedat ek sprake fan ûngelikensens yn ynternasjonaal ferbân. Hoe soe ús minister fan bûtenlânske saken reagearje wannear't troch in buskonfoai fan nasjonalisten op de Balkan in iuwenâld religieus

folksfeest fan in nasjonale minderheid fersteurd wurde soe? Der bestiet gjin rjocht om in iuwenâlde folkstradysje te bedjerren dy't beskerme wurdt troch it ferdrach fan Straatsburg.

Dêrneist is it Frysk de twadde rykstaal sûnt de foarfallen om Kneppelfreed hinne, wat net bliken docht út de ientalige ynformaasjefilm fan it iepenbier Ministearje. Boppedat misse der by de rjochtbank symboalen fan etnyske gelikensens tusken Nederlanners en Friezen, sa as twatalige buorden en stimpels. Us stichting is ferbjustere troch de útlittingen fan Nederlânske sjoernalisten, dy't it sa bûnt makken dat se yn it iepenbier it rjocht op it brûken fan de Fryske taal yn it strafmjocht ûntkenden.

Dy arrogânsje en minachting tsjinoer de taalrjochten fan de Friezen giet tebek op doe't Fryske boeren yn 1948 beboete waarden foar it brûken fan de wurden "Molke" en "Sûpe" op de molkkannen. En dat wylst de posysje fan it Frysk no al soarchlik is. Hoewol't it wol de twadde rykstaal is, stiet der gjin wurd Frysk yn it Nederlânske paspoart, in flagrante skeining fan artikel 1 fan de Grûnwet – omers, 'Keninkryk der Nederlanden' stiet wol yn it Estlânsk yn it paspoart, wylst dat in taal is dy't troch noch gjin 0,2% fan de befolking fan de Europeeske Uny praten wurdt.

Ek plysjewein en plysjeunifoarms binne ientalich yn Fryslân, en der steane sels gjin Frysktalige buorden op 'e gevel fan de rjochtbank. Ek brûkt de rjochtbank gjin twatalige stimpels. It is dus mar de fraach yn hoefier't de 'blokkearfriezen' yn dit gefal in earlik proses hân hawwe.

Drs. G. Landman

Stichting European Language Rights

Amsterdam